

Ledegearkomste De FryskeBoerepream op 1-2-2017 8 oere yn Heechhûs yn Heeg.

1/ Iepening, Jack vd Berg iepent om 8 oere de gearkomste.

Oanwêzig, 27 leden-stipers-mjitters- [Presinsjelist allegearre tekene?]

Ofmelding fan ,Dominicus Reekers en Eric Jansma.

2/ Foar de gearkomste gjin ynkommen stikken

3/ Ferslag foarige gearkomst; Is tastjoerd en wurd nei in pear tekstuele [tikfout] oanpassings goedkard.

4/ Finansjeel ferslag; wurd útdield ; Ygram docht útliz oer fin.saken, we steane wat yn de min troch dat ien en oar djoerder wurden is, foaral de wedstriden mei resquie boaten ensf.

Terherne is djûr i.f.m. kofje en gebak en e kit ôfhieren fan de Buorkerij by de priisútrikking kost it ien en oar.

Net betelle konsumpsjes by palaver yn Wâldsein foar leden binne troch de klub betelle €190,00]

Ien en oar kin goedkeaper en wurd kommend jier oan wurke.

Fedde Mulder merkt op dat it by palaver melden wurde moat dat konsumpsjes foar eigen rekken binne.

Symon vd Meulen fynt dat nije ynkommende leden ek wol in soarte fan start bedrag betelje kinne, hjir is gjin steun foar[drompel moat net heeg wêze]

De inning fan kontrebusje dy.t yn 2016 yn gien moatten hie wurd no dit jier ynfierd.

De kaskommisje,Symon vd Meulen, docht ferslag en seit dat alles fjirder goed foarelkoar is.

5/ Begrutting en oare opmerkings;1- De kosten fan in keuring is €50,- en wurd ek yn rekken brocht

2-Per pream moatte eigenlik minimaal 4 bemanningsleden stiper wêze,fan de stipers moat ek email adres bekend wêze.

3- Yn de takomst miskyn romte foar sponsering fan de klub.

6/ Kontrebusje- Kontrebusje no is €10,-stipers en €60,- leden en €60,- foar wedstriden,

Foarstel is om oar jier foar wedstriden €75,- te freegjen.

7/ Orizjinaliteit foarskriften; 1- It ferlengen fan in pream mei/kin boppe de 11 meter

Wurd dan in oare klasse en kriget in nr. boppe de 50.

2/ in elektrysk pompke [12 v]foar it eazjen is tastien.[9 foar en 3 tsjin]

3/ Akkolade oan de swurden wurd net tastien,besteande kin bliuwe.

Sjoch bylage 1 en art.2 fan de klassefoarskriften.

8/ Skoft

9/ Handycap formule; Marten de Boer docht útliz oer in ferbettere mjit metoade.dit i.f.m. lytsere preamen dy't yn it âlde systeem te swier belêste wurde.

Dizze nije manier en ferfijning fan mjitten wurd troch elkenien goed ûntfongen en sil yn de takamst sa earst ek brûkt wurde.

Opmerking fan Peter de Koe om alle preamen in kear yn in kraan te weagjen is bêst mar we wolle stap foar stap en nimme ,ien en oar meinimme nei de evaluaasjegearkomste nei it seizoen.

10/ Wedstrydreglementen; Bliuwt sa as no neffens it boekje fan KNWV mei evt. oanvullings as dat noadig is

11/ Nije Sylpream; Hjir is kontakt mei west en we wolle yn de takomst mear meielkoar organisearre.

No wolle we earst de "proloog" tegearre dwaan yn Terherne op 6 maeije.Under lieding fan Nije Sylpream.

12/ Datum wedstriden; 6 Maaie Proloog Terherne

13-14 Maaie Wâldsein

17-18 juni Aldegea

22 juli Slag om Aldegea-[iel]

3 sept Merkesilen Terherne

23-24 sept Terherne [finale]

13/ Bistjoers ferkiezings; Marten de Boer is ôftredend en net wer beskikber, Jaap Faber fan de pream fan Jentsje Jonker wurd beneamd as nij bestjoerslid.

Marten wurd betanke foar al syn wurk en ynset foar de feriening.

Ygram Ykema is ôftredend en wer beskikber en wer ynhierd foar in periode.

Foar de funksje siktaris moat nog ien beneamd wurde .Jack freget oan elke pream om evt. in kandidaat te sykjenen/of te leverjen?

De funksje fan penningmeester ,no Ygram Ykema en Fedde Mulder, wurd oernommen troch

Jan Slotboom.Ek de website wurd troch Jan byhâlden, oernommen fan Marten de Boer.

Peter Tolsma sil de orizjinaliteitsfoarskriften beheare en sil sa as mjitter/behearder ek faker by bestjoers gearkomsten oanwêzig wêze.

P.R wurd wer dien troch Joke vd Zwaag.

14/ Oanbringwedstriid Strontrace; Jan Slotboom presenteard in nije opset,

Syle mei maximaal 4 bemanningen/ ôfhinklik fan de wyn,links of rjochtsom en finish yn Warkum op gaadlik plak/ mear publike belangstelling en ek mear dielnimmers,op syn minst 6 preamen ,en dielname moat yn Wâldsein bekend wêze.

Jan sil de leden hjir yntiids oer maile.

15/ Bekendheid fan de klub; Hjir moat mear omtinken foar komme, mear promote en evt. yn kombinaasje mei sponsering.Fryske BoerePream mei de NijeSylpream?

Nei de wedstriden mear meielkoar en mear geselligheid der by!

Wedstrydferslaggen oanleverje oan Joke en ditb wer op de site en kranten ensf, ensf

Bistjoer sil ek foarstellen dwaan om ien en oar te ferbetterjen

16/ Omfraag; By de leden bin gjin fragen

Jan Slotboom hellet oan dat Jack yn it bestjoer in drege en dûbele funksje hat, foarsitter en skriuwer. Hjirfoar applaus.

Ofskie nimmend bestjoerslid Marten de Boer seit nog dat Heine Deelstra ek achter dizze fernijde mjit en rekken metoade stiet. Fjirder winsket hy de feriening alle goeds foar de takomst en seit dat we wol ynê gaten hâlde moatte dat it silen in sport en spul is en hâld it gesellig!

17/ Om 10.45 slut de foarsitter de gearkomste